

Rink van der Velde slút sterk ôf mei 'It Guozzeroer'


'Oer oarloch en Irina mei de kante stuten'

DE HOMMERTS - "Sa gau as in bern it ferstân krijt, sjocht it de dea oankommen. Mar de measten stopje it fuort. Ik wol my der net foar weiwine. Ik sjoch de dea hiel bewust ûnder eagen. Ik sjoch der net tsjinoan. Ik ha altyd op de dolle rûs libbe, mar dat past ek net mear yn dizze tiid. En earlik sein fiel ik my yn dizze wrâld mei internet en sa ek net mear sa thús."

Yn in ynterview mei Fokke Wester, ûnder oaren ôfprinte yn 'e 'Wijd en Zijd' fan 17 jannewaris l.l., praat de skriuwer Rink van der Velde iepenertich oer syn ûngenslike sykte en de dea. It mei in wûnder hjitte dat Van der Velde it ferskinen fan syn lêste boek, 'It guozzeroer', noch belibbet. En it liket der suver op dat de resinsinten syn lêste wurk mei foarrang besprekke, mei it gefaar dat it weardeardiel beynfloede wurdt troch bûtentekstuele omstannichheden. 'It guozzeroer' is Van der Velde syn 24ste roman. It boek is ferskynd bij de Friese Pers Boekerij.

It soe nijsgjirrich wêze om ris nei te gean hoe't Van der Velde de oarloch as beskiedend tema yn syn wurk ferarbeide hat. Fiif jier lyn hat Tineke Steenmeijer-Wielenga alris in foarset yn dy rjochting jûn: „Wat de skriuwer dwaande hâldt, is de frage oft de minsken yn in oarlochssituasje eigen rjochter spylje mochten en oft dat – as it sa is – dan ek jildt foar in ôfrekken safolle jier nei dy tiid. Wa wie in held? Wa is in moardner, wa binne mandélich? Wannear mei eigen belang steld wurde boppe it mienskiplike?" ('Tekst & Utilis', Afûk, 1996)

Ek nei it lêzen fan 'It guozzeroer' kinne boppesteande fragen steld



wurde. Yn 'It guozzeroer' fertelt Bavius Bouma út Akkrum, oan 'e ein fan syn libben, wat er yn 'e oar-

loch meimakke hat. Allinne troch de iepeningssin al wurdt de yndruk wekt dat it hjir om in histoarise

roman giet: 'Dit is de histoarje fan in guozzeroer en fan de man dy't der om dea it libben mei behâlden hat.' En de ik-figuer út 'e roman is sûndermis it alter-ego fan Van der Velde sels: 'Ik lei him út dat ik net mear foar de krante skreau. Ik soe der no miskien wol in ferhaal fan meitsje, miskien wol in boek, dêr't iksels fan alles by die. En mei oare nammen en op oare plakken. Sadat net ien him der mear yn herkenne soe.' (s.42)

Fiksje en non-fiksje binne bij Van der Velde amper fan mekoar te ûnderskieden yn dizze koarte roman. Sterker noch, ik ha besocht it ferhaal fan Bavius yn 'Bezettingstijd in Friesland' op te sykjen, sa libbensecht komt it oer. Lykwols it hiele drama is optocht, alteast it berêst net op histoarise wierheid. Dat ik in skoftke yn 'e waan bin dat it ferhaal 'echt bard is, hat fansels alles te krijen mei it neammen fan plakken, nammen, besteande site-waasjes en tiidsomstannichheden. It komt allegear hiel autentyk oer. En yn fergeliking mei syn foarlêste roman ('Alde maaie', Friese Pers, 2000) hat Van der Velde 'It guozzeroer' op in folle sobere wize skreaun.

It kostet de ik-figuer (de skriuwer) oars gâns muoite om de âlde Bavius ('hy is 83 wurden') sa fier te krijen dat er 'syn' ferhaal bij biten en brokken fertelt. De skriuwer wit ek werom't Bavius tsjin him amper op 'e tekst wol: "Yndertiid hie ik foar de krante ris in ferhaaltsje oer him skreaun, oer it fûkebreidzjen en fansels oer de fiskerij en de jacht fan eartiids. Dat fûn er goed, mar doe't it yn de krante stien hie en hy der troch elkenien op oansprutsen waard, wie it him oer.' (s.42)

Mar bij it âlder wurden en bij it tichtebij kommen fan 'e dea begûn it oarlochsferline Bavius te beswierjen. 'Ik leau dat er ferlet hie om

deroer te praten', sa tekent de skriuwer/ferteller op. En dan folget it relaas fan Bavius, dy't as jongfeint yn Normandië twangarbeid ferjochtsje moast foar de Dútsers. Dêr yn Le Tréport moetet de Fries syn grutte Oekraynse leafde Irina Kolo-witz, twangarbeidster yn it konservefabryk. Mar de leafde tusken Irina 'mei de kante stuten' en Bavius rint op 'e nûn as de jonge Akkrumer op syn ferlof ûnderdûkt yn 'e Deelen ûnder Aldeboarn. Dêr spilet him ek it drama ôf, dêr't it guozzeroer – 'in heul apart jachtwapen' - in wichtige rol yn spilet.

Lykas yn sa'n soad fan syn romans nimt Van der Velde it no ek wer op foar de 'underdog', de 'gewoane man'. De ferhûddoeke minske. Sa jout Van der Velde bygelyks yn twa sinnen in ynkringend byld fan in minske yn deadseangst: 'Jappy koe him net goed hâlde. Hy lei plat op it liif en jammere, mar omdat er gjin lûd jaan woe, treau er himsels in hânfol gers yn 'e mûle en dêr haffele er op om.' (s.109) De dialogen binne izersterk, it taaleigen is ryk, de beskriuwingen fan 'e natuer yn 'e Deelen, de observaasjes ('It is net mear tsjuster yn De Deelen'), de ferhalen oer de jacht en de fiskerij, komme allegear seldsum autentyk oer. It is trochlibbe, de trochkringende rook fan Virginia en oare swiere tabak is suver te rûken. Diskear hat Van der Velde as ferteller pur-sang mear ôfstân nommen as bygelyks yn 'Alde maaie'. En dat makket dizze roman, sûnder omballings, sa sterk. En mei 'It guozzeroer' nimt Van der Velde nei in fjirtich jierich skriuwerskip dan ek op weardige wize ôfskied fan syn lêzers.

En. Nfld.
8/2
2004
Henk van der Veer

Hjir besprutsen 'It guozzeroer', roman fan Rink van der Velde. 120 siden. Omslach yllustraasje Gerrit Breteler. Friese Pers Boekerij Ljouwert